



**It hirdsîlen op sé by Harns, op de foarste dei fen**

**Simmermoanne 1877 : hwet ik er oan de side fen in goe friûn  
seach, en hwet ik er by tochte : in bledsîde mennich by in or  
boekstavere om wyd to wirden oan mîn lânsliue dy de wolfeart  
fen Frîslan te herte**

<https://hdl.handle.net/1874/234613>

Bz. 1877. VI. 15

S. van der SÜRG

Notaris

MAKKUM

# IT HIRDSILEN OP SÉ

## BY HARNs.

Op de foarste dei fen Simmermoane 1877.

HWET IK ER OAN DE SIDE FEN IN GOE FRIÙN SEACH,  
EN HWET IK ER BY TOCHTE.

In bledsïde mennich by in or boekstavere  
om wyd to wirden aan mìn lânslin dy de wolfeart fen  
Frîslân te herte giet

FEN

T. G. VAN DER MEULEN.

HARLINGEN,  
FABER & VAN DER ZWAAG.

1877.

1971 838

Br. 1877. VI, 15

# IT HIRDSILEN OP SÉ

BY

H A R N S.

Op de foarste dei fen Simmermoane 1877.

HWET IK ER OAN DE SIDE FEN IN GOE FRIUN SEACH,  
EN HWET IK ER BY TOCHTE.

In bledside mennich by in or boekstavere  
om wyd to wirden aan mân lânsliu dy de wolfeart fen  
Frîslân te herte giet

FEN

T. G. VAN DER MEULEN.

—  
HARLINGEN,  
FABER & VAN DER ZWAAG.  
1877.

Wol hwet in wiidweidige titel foar in lits boekje, 't is  
as in greatske namme foar in wynich to bitsjutten menske,  
ollik as in greate grèfstien op de rèstpleats fen in  
forjitten borger; mar dochs in titel dy fry dudlik seit  
hwet men in 't boekje te lèsen fine ken, sa dat men er  
it foarwird by ûtwint.



## „It hirdsilen op Sé bij Harns!

as je dat nea sioun ha, den wît je net hwet er ïn de wrald to keap is", sa sei in goe friûn dy fen de Harnser hirdsîlery op e tex wier. Nou ik hie 't nea sioun, en woe doch wol graech wîte hwet er to keap wie; hwet wier ik dos bliid dat it my gong lik as de Keuning, as prins Hindrik, as de ministers, as îtelike dutske hearen, en de lidden fen de Provinciale Staeten, dat wol sisse: dat ik friûnlik útnöege waerd om to Harns to kommen, op de greate dei as 't hirdsîlerye wier, de foarste fen simmermoane 1877. De utnöeging oan my möcht ut in oare born foart komme, as ut dy wer ut de Keuning en de oare greate hearen hiarris krîgen it wier net minder hertlik wol miend, en dèr om naem ik it oan, nou hab ik sioun hwet in hirdsîlerye te Harns te sjen jowt, ik wît nou den »hwet er to keap is," en hwet ik seach en tochte dèr fen wol ik forslach jaen, it oerdeiske minske scil 't forwachtsje, en de

neiteam het er oanspraek op. Sa'n feest heart  
 de skiednis, 't is plicht om it to boeksta-  
 verjen, mar as in goed stoarie skrieuer wol ik  
 net in blin reisforhael of in deade printinge  
 jaen, ik wol der by nuttich sjen to wesen,  
 tröch winken to jaen en opmerkings to meitsen,  
 dy, as men dy folge en er nei harke, ta for-  
 bettering tsjinje koeden, en sa hab ik hier  
 al daelk to sissen, dat it kaertsje keapjen  
 oan de stations, op tiiden dat tröch merken of  
 feesten de drokte butenwenstich is, binaemen  
 oan in dorps-station, in biusterbaerlik lëstich  
 gedoente is. Sa'n dorps-station stiet dèr in mei  
 in tsjerkhof op ien lîne, it makket in först mei  
 in bidler lik, for sa fier dat se de kaertsjes  
 tröch ien en it selde gat ha matte. En in  
 hantsjemier is dèrre jank mear mäns as in  
 mefrou Rotchild, wy wolle mar sisse; dat dy  
 dèrre nei 't ligchem de sterkste is, tröch sîn  
 krëft foaroan komt, tröch dat er de swakke  
 omfear reaget. It is in getriou en gewrieu, en  
 gehomp en gestomp, om er mäl fen te wirden.  
 As de mensken hiar mei sa folle krëft biiiveren  
 om in de Himmel to kommen, as op folle  
 heachiiden in kaertsje to bimasterjen om op  
 it spoar to rïden, den scoe men er bang fen  
 wirde. Mar lökkich dèr skept men sa hird  
 net om, elts het yet al sa folle mei him sels

en de wrald op, dat men er yet net oan ta  
komt om de Himmel to sikkjen. Mar 't kaertsje  
keapjen oan 't stations is, as it drok is,  
in skrik. Wèr om stelt men se net in de stèds  
stations te keap oan it buffet, (tapkast) in de  
twade en tredde wachtkeamer? Wèr om by de  
dorps stations net by de neiste harbarge? En 't is  
mei in harbarge by in station as mei in harbarge  
by in tsjerkhof, hia benne selde fier fen in or  
ou. Sa mast men te Feanwalden bigeliks kaertsjes  
krye kenne in »Skoan oard» en 't »Kofjehûs»,  
Fréde moarns ha se it hûs fol, ho oangenaem  
wier it nou dat de reis'gers dèr op hiar ge-  
mak kaertsjes keapje koeden, en sa den oer al,  
Om dit ut to fierendat dèr fen lèst noch skea  
komme koe, wier sieaft to dwaen, mar 't is  
hier it plak net om dit oan to toanen. Wy  
sisse yetris, 't is to wenskjen dat in dy kaertsje  
oujaenderye forbettering komt, sa as dat nou  
jamk giet, en gean mat, is 't in menske griise.

Wy bimasteren in kaert, en letter in plak  
in de spoarwein. To Liowert oan 't station  
stoe in bilte folts, dèr út makken wy op dat  
to Harns in bilte to dwaen komme scoe, mar  
hia seien de lioue wachten er op de komst fen  
de keuning, dy eltse amery komme koe. Wy  
wachten er net op, wy stoomden er feardich  
op los, mei sîn stik fiif seisen in ien wein.

Dos rûmte by de fleet, dat to Frentsjer lîk wols foroare, dèr krîgen wy folle selskip, en allegearé ek gjin smeldoek, om 't efven net. Onder oaren wier er ien jong faem by, alteas ik *tink* dat it in jong faem wier, ik seach hiar allenne mar fen efteren, om hia siet mei de reach nei us ta, mar as dat minske fen foaren sa knap wier as fen efteren! den is 't in skildery fen in skepsel wèst. Men fint it licht hwet mäl fen in jierich troud man, mar mîn hiele oandacht wier oan dat frommiske wyd. Sei mîn burman bigeliks as er it field oer seach „Hwet wirdt alles grien”, dan sei ik „ja” en ik tochte oan de faem. Sei er „Hwet bloeye dy blommen moai op de greide,” den sei ik »ja” en ik tochte wer oan de faem. Sei er dèr op: It foarutsicht is yet bëst.” Do sei ik yet ris, »ja” en ik tochte al wer oan de faem. Dy tryris efter ien »ja” seit is bitsioend wol men wol ha, en in mennich lid fen 't bistiûr liket it tröch 't folle »ja” sissen wier to wèsen, mar ik wier 't ek. Men fortelt fen in dichter Petracha, dy seach is ut e flecht in moai frommiske, dy Laura hiete, dèr waerd er op foreale, mar hia rekke tosiik. Petracha hie sint rëst noch diûr. Hy socht sün libben lang om Laura en hy foun se wer in — in deakiste. Nou, mar ik hie hier as in Petracha mîn oandacht op de sierlike Laura fen efteren.

Hwa hia wier? dat wit se sels bëst, en hiar àlden wollicht, en hiar fryer as hia ien het, en de ky wollicht dy hia melkt, en de kealtsjes dy hia bornt, hwent hia like fen efteren op in boere dochter. Op de plasse fen de holle drôech se in wit strieën kipke — gjin kape — mar doch in kip, oars as in bilte kipen, hy wier mei 't bleate each sonder microskoop to sjen. Op dy kip hie se wite linten, en wite plûmen, ek bongelen de greate brede linten by de reach del. Onder dy kip kaem in breed gouden eariisder wei, wer oer in flöddermûtse, sa fin as spinreach, en sa wit as snie. Ik leaude dat it in echten wie, mar dat doar ik net nôedsje, foarearst ben 'k in de kennisse fen 't echte net sterk, en ta'n twaden dèr is tsjinwirdich sa folle nei makke, fen it muntpompier ou, ta de doopformulieren ta, dat ik net sisse scil dat dy flöddermûtse echt wie, mar hy siet er om as wier er om e holle getten. Fierders folge er nou in swart, mei siiden krollen binaid mantelke, wer boppe bisondre eptich in roasekleurig lint mids in kanten daske utstike. Hier mei eindicht min photographie fen efteren, hwent fierder waerd 't menske onsjenber trôch de leuning fen de bank dèr se op siet. Ik bin gjin Petracha, ik ken er net om sîkje, licht komt men se trôch min

biskrieuinge op it spoar, mar as men dat treflik pronkstik fen efteren jin goed forbield, den scil men 't gjin wonder neame dat ik to Harns, tröch it gekring belet waerd om dy faem in 't wesen te sjen, dèr tröch droevich de stèd in gong. Ik wier yet om in oare reden ek al hwet swiersettig. Harns wier — lik as wy — in de mieming dat de Keuuing komme scoe. Nou is 't foar sa'n först fen sels oangenaem op to merken dat men folle for him oer het. It station to Liowert wier sa moai dat it jin ta like to röppen: »Sire hwet benne wy bliid mei jins komste». En nou! och och, ho tin waiden de flaggen fen dy heage fabrieken oan disse side fen Harns. Tröch hiar hichte en greate foel gebrek oan flaggen yet to better in 't each. It moeide my. Ik stelde my Willem III foar hwet er dèr fen tinke scoe. Licht hie er de eagen del slein, en mei de de dichter tocht:

»Men roept wel luid: »De Koning leve!«  
Maar — is die taal, de taal van van 't hart?'

Mar te Harns waerd de utwendige betoaninge fen bliidskip mear algemien. Net allenne it station to Harns en alles der by om seach er feestlik ut, mar alle mensken grien en rîp, rîk en earm roaner mei oranje forsiere. Sels hie in hospes de line beamen foar sin harbarge

oranje stammen jown, de bitter dy er tape waerd wier oranje kleurich, dos van binnen en fen buten oranje. Wy gongen de stèd in, en de lioue seagen ûs oan as woeden se sisse: »Is de Keuning hier ek by?“ Mar de Keuning wier er net by goede mensken, dy scoe mei in aparte wein komme. De tapiten *looper* lei al by de treppen fen it stèdshus del der Sîre by op gean scoe, mar — as wachte dèr in rôune rîge -- nimmen kaem út de wein dy follen tochten dat Sîre fen 't spoar helje scoe, mar de droevige tîdinge dat Sîre net kaem, om de yet treuriger reden dat de keuninginne sa siik wier, gong as mei telegraefs flinken de stèd roun. In adjudant fen sîn Majesteit wier kaem in pleats fen de Keuning sels, mar Prins Hendrik scoe komme. Bij de oankomste dèr fen oan it station, waerd er tröch de borgermaster fen Harns, hertlik kort en bondich, en net op rîm, mar kunstleas en treflik forwolkomme. De Prins andere like gol en ienfaldich wer om, ienigen makken dèr by de opmerking dat it like dat de Prins 't praeten in 't Hollansk net wend wier. Om us hie er mar in 't Frisk spritsen. De generaal Pel, in broer fen de generael Pel dy, ta smert fen hiel it Faderlân, in Atjhin sneuvele, wier by 't forwolkomjen fen de Prins. Hie dy man it dwaen wollen, hy hie, as er

net al to folle in 't liocht kaem, sa in de  
 de fierte wol foar Willem III tröch gean kend,  
 tröch dat er sa'n husare mûtse drôech lik as  
 wy Sire draegen seagen do er hier tröch it lân  
 reisge. Dèr wier yet al ien dy er sa nei stie  
 to sjen, dy frége: »Scoe er dy mûtse fen de  
 Keuning liend ha?" »Biste sliocht" sei in  
 oaren »in Keuning ken, — as er goede Mi-  
 nisters het — sîn holle wol ris ut liene, mar sîn  
 soldaete mûtse net." Dèr waerd d'ris om dy  
 utfal laeke, en dèr mei gong it de stèd in.  
 Moai waer en sinneskin biglânse de jûchjende  
 mensken, wîlst in lochtich wîntsje flaggen en  
 wimpels frolik oan 't wapperjen brochte.

Foar dat de Prins, de ministers, en al de  
 oaren Liowert forlieten, hie men hiar dèr op  
 it stèdshus in »dejeúner" oanbean.

Licht wîte alle lèsers fen dit boekje net hwet  
 in »dejeúner" is. Sökken scil ik it meidiele. It  
 is »ontnochtering" en it wirdt brûkt as 't by us ge-  
 wone aldeiske ienfaldige borgers, kofjedrinkers of  
 iterstiid is om middei hinne. Sa krîgen se to  
 Liowert, ('t scil sa hwet olf ure west ha) earst in  
 köpke fol trillebil, dat wol sisze it fochte fen utsean  
 flèsk, mei hwet snîpsnaren er in, hia neame dat  
 bouillon, wy sisze fen sop. Dèr krîgen se in  
 twebakjen by lâns. Dèrop krîgen se onder  
 oaren *Hambirger* okse ribbe, *Westfaelske* skinke

en *Straatsbirger* paté de foie gras (guosse lever). De dutske gästen scille wol tocht ha: de liu ïn Frîslân forhongeren as er nen Dutsk keiserrîk wier. It wier ommers allegeare ïten ût it pôepe-lân. Mar sa krîgen se dèrre yet al folle mear, en do se sèd wieren — tanken se de Heare — tinke jimme? It mocht hwet, hia bliesen de reek ris oer, hwent der kaem in tsjinstfeint en dy hie foar eltse gast in moai pompieren pûtke, en dèr ïn sieten trye tige bëste sigaren. Eltse gäst koe ien oanstekke, en twa mei nimmme om ïn de spoarwein yet ris to smôken. Dat wier nou friûnlîk oars net? It wieren dos ïtende en dragende gasten. De hearen wieren bliid mei de sigaren, mar de man dy de sigaren levele het, fêst net minder. De kosten fen dat *dejeûner* bitelle de stêd Liowert. As eltse Liowerter er ïn sint of fiouwer fiif ta jowch scil 't er wèst ha. - Hwet makke dat ut foar in kear.

De *Borgermaster Zylstra*, sa hiete in moai forsiere stoombaat, dy ïn de haven to Harns klear lei, om lieafhabbers, dy er nocht aan hieden op de Sudersé rôundobberje to litten. Dat wier for my it bëste ek, ik gong op de boat, en — de earste der 'k tsjin oan plöfte, wier min friûn DIJKSTRA.

Valentîn en Oarson fochten earst, for dat se in or as broeren omklammen. De »edele riddler van den sweerde«, Valentîn, mast Oarson

dy fen »eene beerin ende was gesoogen“ înpéperje, dat se broeren wieren, mar wy fochten net, wy wieren bliid molkoaren to finen, en wy sieten mei korten sa ïn de philosophie for diepe, dat wy om Harns noch ’t hiele hirdsilen mear tochten. Hwent dat habbe DIJKSTRA en ik by hirddraveryen, by hirdríderyen en by — hirdsileryen — nou ek al wer, aan us, wy bloue net by ’t stik. It is net oan to rieden om us by sökke spillen ta karmasters te freechjen, ’t is better dat men dér forstànniger mensken ta nimt, it möcht tröch us ïn de hobbel fleane. Wy lye beide jamk oan oudwaelinge des geestes. In bisondere kwael. Bigeliks — wer DIJKSTRA oan tinct as de man ïn de tsjerke sit, dat wit de Himmel sei Bet, mar ik net — mar as ik er ben, ik tink er altiid oan dànsjen op de stiive koarde. En hwet my den wonderbaerlik forstànnich foarkomt is dit: dat men de koarde oer de lìngte fen de tsjerke spand het, en net oerdwars. Nou rent alles mei, fen ’t Easten ta ’t Wèsten, mei de sinne op en onder, sa mat it. Dèr siuch ik se den ïn de locht springen, sims is ’t in hy, en sims is ’t in sy dy er de liea oan weaget. Ik hab is ïn de tiidspégel lèsen fen in man dy it selde visioen ïn de tsjerke hie, ik bin it dos net allinne, mar mei my is ’t al opkaem do wier ’k mar in greate jonge, en sint is ’t altiid sa

bliûn. 't Is lèstich. Doch siuch ik in de tsjerk e  
it avontúrlike springen op de stiive koarde, ik  
siuch op de dànssaele ieuich en altiid, de dead.

Nea siuch ik in pear walsen, of ien fen de  
twa is in geramte. En is 't skotske trye, en  
komt it den sa dat twa foar in or oerdànsje,  
mei d'iene d'oare — om it moai to dwaen --  
by de hàn, en smite se den de skonken sa loch-  
tich: „rala de ralala” tröch ir or, den siuch ik  
in de iene de skrinkels fen de dead. De dead  
dànsset mei, it selde hwet dàns. *Nou* dànsje  
tink ik den, en moarn in 't grèf. Do dànsse  
sy, en do dànsse hy, en nou lisso hia in stille  
rèst. En lès ik ek net op hiar grèfpeal hwet ik  
to St. Nicoleasgea foun:

»Wij hebben nu hier,  
Regt veel pleizier.”

Hia dànsen doch nei 't grèf ta. Sa kom ik  
by in dànsparty jimmer oer dea en grèf oan 't  
mîmerjen, en jist *dèr om* ben 'k sa graech op  
plakken der dànsse wirdt, it préket sa lùd: O,  
»bertling ha din hûs klear, dou wist de dei fen  
din dead net.” En sa'n preek hald ik fen, omdat  
dy sa wier is. Mar *sa* ly ik oan geestlike ou-  
dwaelinge, en DIJKSTRA licht al wer op in oare  
wiise, mar by disse hirdsilerye ek masten wy  
tröch in algemeine röp: »siuch!” wer ta de  
order röppen wirde, sa folle hieden wy twisken

us al oeral helle. Den gloerken wy oer de sé nei de hirdsílerye, en my tochte dat fen Zuilen en Haspels mei dat komeedsje spiljen al grou jild fortsjinje masten, dat in Jifvrou Beermans dèr in ïnkommen fen  $f\ 7000$  of  $f\ 8000$ , jiers fen ta parte wirde koe.  $f\ 7—8000$  gôune? Dèr koe'n se wol in minister for krye, scoe 'k sisse. Om DIJKSTRA likwols it bîwiis to jaen dat ik it moaye fen sà'n hirdsílerye wol fette, sei ik — mei it each op it sissen fen Da Costa dat alles sîn poëtische sîde het. »Dèr sit wol poïsye ïn sa'n hirdsílerye". DIJKSTRA tocht er ek sa oer, binaemen as men ïn petear komme koe mei sa'n jongfaem, lik as dèr foar us op de boat stie, en dat in boere dochter fen Texel like to wesen, to sjen oan it eariiser dat hia drôech, en dat folle oars wier as wy wend benne. DIJKSTRA sei: hia drôegen se sa op Texel, en DIJKSTRA is — leau ik — nog al sterke in de kennisse fen de frîske liifdrachten, sa dat ik dy jonge faem as in Texelske jiffrou oan jimme foarstel. It fanke seach er sa knap ut, en dér by like hia sa *liberael* fen réden en beskie, dat wy beide hiar wol foar us Dulcinia oan nimme koeden, oan hwa wy us suchten en sangen wyden. Mei hiar ïn praetsje to hâlden, om lâns dy wei it Texelske dialekt to learen dat like us treflik en learsem ta. Mar 't fanke stoe onder it opsicht fen in jierige

Jiffrou, as in non onder de abtdis. Dy baricade,  
 seagen wy wol, wier us to folle māns ; sa dwaende  
 is 't twisken de jongfaem en us by de frōme  
 wensk bliūn. Letter ha wy yet al hwet jaloerks  
 wèst, do het se præten mei de kaptyn fen de  
 boat, de man dy hieltiid op dat heachhout hinne  
 en wer pandert, sa'n breage ïn de locht, dy op  
 sa'n boat ïn 't oerdwars hinne en wer rënt.  
 Do habbe DIJKSTRA en ik foar 't earst en wol-  
 licht foar it lèst wenske, dat wy mar kaptyn  
 op sa'n stoombat wèse mochten, allinne mar  
 om op sa'n minlike wiise ïn it Texelske onder-  
 riuchte to wirden, hwent oars! o, it sémans  
 libben wier us libben net. Sa fortelde DIJKSTRA  
 my yet ien folsin ût sîn ouwixeljende libbensrin.  
 Hy wier is fen Starum ou ïn in boatsje oer de  
 sé nei de stoombat brocht, en dèr do by op  
 hîst, takele of kloutere dat wit it net ienris  
 mear, hwent do DIJKSTRA, Starum boatsje en  
 stoombat neamde, waerd it my al grien en blau  
 foar d'eagen. It tochte al daelk aan draikolken  
 en sémearminnen, en sa folle gefaerlikens dèr  
 in séman jamk tröch om komt. Ik frége  
 DIJKSTRA ef er it libben er by ret hie? »Ja"  
 sei de man, ik sei nou den is 't skande dat je  
 sa'n heldendied yet net berîmd ha. Mar do for-  
 telde ik him, ho dat it my oer kaem wier dat  
 ik ïn 1877 fen in fearskip springe matten hie

om op de wal te kommen, wîlst it skip, tröch in hirde stòrmwîn ut de fioueren foar de wîn ou fleach, en ho ik dat dochs dien hie sonder to fallen en sonder to brekken. Sa kaemen by 't farren op de boat, ûs de avontûren dy wy op it wetter belibbe hieden us foar den geest, en oan 't ein gong it us as de beide ésels dy mal-korren hiar deuchden fortelden, en dér mei eindigen dat se fielden lang net min to wesen.

„Siuch! siuch!” roepen de lioue om us ta, en wrammels, der farden wy op in bîtsje nei in oarlochskip foarby. Nou in oarlochskip is gjin kom al den dei, dat masten wy goed sjen. Dat oorlogskip! hwet wier 't in treflik great skip. Dèr wieren in hiele bilte jongers op, jonge soldaeten fen alle oarden fen 't lân by in or op ien klomp. De kaptynen en sa fen 't spil, stienen foar oan. Wy swaiden mei de hoeden en hia dienen it friûnlik wer. »Och siuch ho moai” seien de mensken, nou moai wier 't dat zwarte skip, mei dat heage want, mei dy ontelbre flachjes fen alle lannen forsiere. De jongers fen dat oorlogskip leien op it dek, of stienen in de touen nei ûs to sjen. Dy knappe jongers, hia seagen ûs oan as woeden se sisse: Ho lökkich benne jimme, jimme kenne gean en komme wer en sa jimme wolle; mar wy — wy sitte fèst, hwet is jimme wrald wiid, hwet is

users, twisken locht en wetter, lits. Ik tochte by 't sjen fen dat skip aan slavernye en slavenhandel. Ik tochte aan Generael Fabius en liifstrafven, roede en tiranny. Ik tochte aan oarloch, aan onriucht, aan staetkindige bîndoekerye, aan moard en deaslach, aan torpedo's, ja de Himmel wît hoe droevich ik stimd waerd by 't sjen fen in skip wer fen de name— Oarlogskip— jin al de griise oer de groue jaeget. O dat moaye skip, mei dy moaye jongers mei dy forguldene officieren, it die my oan.

Ho 'k de gloarie fen Tromp en de Ruter, Piet Hein en Evertsen, Claesens en Tsjerk Hiddes, bîtochte en neigong. Ho my de wirden fen Wif foar eagen kaemen:

Greate Pier wier gled forjitten,  
En sin dwaen fest bûten witten,  
Hie hy stil libbe aan de hird,  
Hie hy net de sé besile —  
En lâns feind' de foeten spiele —  
En bitwongd mei fiur en swird.

Allegeare goed en wol. Hia matte er wèse sa lang as 't onriucht de maetskippy ïn onrèst bringt en halt. Fiuchters ter sé, en fiuchters op it lân, mar hwet my oangiet! ik wenske, »Heare bewarje mîn bern for it oarlogskip". Matte hia farkje lit is wèse for in earlike handel, for it forfier fen reisigers, of ïn 't bilang

der wîtenkip, en wirde se tröch it onriucht twongen om onskildigen, dy hiar nea kwea diend ha to deijen, of om sels deid to wirden; lit hiar grèf ïn de ierde wèse, en net ïn de sé. Né sîkersonk, dat moye frolike oarlogskip stimde my treurich, en dochs hieden wy it graech better bisoun, en er graech langer by stil wèse wollen, om yette better ut it each fen de jongers to lèsen, hwet er ïn hiar herte om-gong. Sôks mocht us net barre, wy masten werom. Us sé reiske wier ringen ta'n einde, wy stoomden de haven werïn, en stienen wer op de fèste wàl. Sa hieden wy den it hirdsilen op sé sioun, sonder it te sjen, It us forklearje littin, sonder goed efter 't fine fen de saek to kommen, it moai neamd sonder goed te witen wèrom.

Wy gongen nou de stèd ïn om nei sei folle geestlik nocht, 't stoflik diel fen 't menske hwet goed to dwaen. De kastlynen! hwet hieden folle it drok. Heale strieten fol rítûgen. De hinsers ïn 't lân en de mensken ïn de jacht-weiden aan 't krèbjen, elts hie de selde wille. It wier yet altiid moai waer en sînneskîn, en dat kuikerke tröch Harns jowch us dy wille, dy 't sjen fen in moai op pronke neat dwaend menske slachte op heachfeesten to wei bringt. En tröch de flaggen eu griente

wer mei de stèd forsiere wier, hie alles yet  
 moayer oansjen. Lang om let tochten wy ta  
 de twade séreis oer to gean, Mar Dykstra —  
 tröch it swabjen op sé wollicht—forsichtich wirden,  
 seach nei de locht, en de locht stoe sa, as scoe  
 er in sondfloed komme. Fen sinneskin wier  
 nen sprake mear, en wilst wy folle friûnen  
 fen 't Hearenfean fen de stoomboat Willem III  
 dy nou ek ïn de feart komd wier, ou kommen  
 seagen en sprieken, waerd it al tsiusterer, wy  
 blièuen oon de fèste wàl, en wy ondersochten,  
 of it us ek gind wirde koe de skoale fen de hear  
 Jansen to sjen, dèr wy wol wisten dat strak  
 it feestmiel hâlden wirde scoe. De friûnlike  
 jifver dy wy 't frégen dòrst dit — ho it biar  
 om ûs ek moeide — net ta stean. Wy naemen  
 it net kwea, letter ha wy ta us spît fornaem  
 dat it us mei nocht gind wirden wier, hieden  
 wy mar oan in oare doar kloppe. It mei  
 de skoale wol moeie dat wy hiar net siôun ha.  
 Wy hieden hiar licht ïn biełnis brocht, ho  
 wol de preal bôten wenstlich wèst is, hia seien  
 dochs dat de forsieringe by de fiertsjin hon-  
 dert gôune koste hie. Boppe dat wier de her-  
 skeppinge fen in gebou, dèr nimmer en nea,  
 oars hwet, as geestlik fiedsel rôunparte wirdt,  
 ïn in itsaele, al sa bûten wenstich, dat wy er  
 fèst begeestige wirden wieren, om it forbàn

fen flèsk en siele to bisiongen. In skoalebôerd  
scil er net west ha, oars hieden wy dèrre wol  
op skriene wullen it liet fen Datheen :

Spijst ons tot nootdruft in dees' uuren,  
Ons en all' die uw name vuuren,  
Maar voed ons na de siele meest,  
Door 't woort dat eeuwichlyck zal duuren.  
Och dat u recht dient onzen geest.

Yet ris, nôege wieren wy dèrre net, mar  
dat wy de skoale net sjen koeden moeit ûs om  
folle mear yette, mar sa wy seien, wy naemen  
it net kwea, en gongen hinne.

Mar — o wé! Ho goed wier it dat wy net  
op sé gien wieren. As hie de locht er nocht  
oan, om ïn in amery honderden fen froulius  
kîpen kanten en kraechjes en sleep jupen to  
forrennewearjen, geat se de rein fen böppen  
as by ammerfollen del. En amper aan sonder  
warskouwinge, suver onfatsoenlik. Dy dwars in  
striete oer stekke mast, mast as de siele ïn Danthe's  
hel; alle hoop op bihâld farre litte. Wy rekken  
lökkich in herberg binnen dèr wy de freselike  
reinbui oer us hinne gean lieten. Hwet wier  
dy bui ségenrik foar de kastleins. Hie 't *hotel*  
»*Belleven*« aan de haven alle feansjieren sa'n dei,  
den scoeden de lioue florearje, en den scoe 't  
de moeite wirdich wèse om de onderkeamer

wetterticht to meitsen, nou koe men der net bankje, sa fel hie Eölus de rein tröch 't ramt fégele. Ja, ja, dy rein die de kastleins goed, mar de modeliu ek. Och hwet hingen de blommen op folle kípen treurich om leach. Dèr de natur er fen forjonget, döcht de rein op sa'n wiüse de kinst de dead.

Do de boat de tröchwiete *passagiers* nei de séreis wer oan län sette, do wier us lust to farkjen for goed útdóve. Wy kuijeren nei de nye haven, hwent by de *tribunes* wier for us de measte wille. Mar do wy dèr wer kaemen — nou — hwet hie de storm dèr wîlst hushâlden. De keuninklike tinte wier yet goed in wësen, mar dy dèr nionken wier as de Himmel der hoop by de Turken, fen boppen in flarden. Bûten it brekken fen itelike flessen en glësen — hie disse plof gjin unk to wei brocht, sa gong it feest like goed sin gong.

Wy naemen plak foar de keuninklike tribune, en as hieden wy ek trye nye havens efter de reach hawn, en as hieden se de sésłach fen Doggersbank ek op de sudersé fortoand! wy hieden er gjin each nei draid, sa lang as wy sa folle bilangrike persoanen to biskouen hieden as dèrre by in or wieren. Persoanen fen allerlei ïnsichten en mieningen. De minister van binnenlanske saeken en de hear Jansen op ien planke. Ik tochte aan 't wird fen de skrift,

„De swirden scille ta sichten sleinwirde” Alle geare wier 't fréde en blîdskip. De minister wier bliid dat onder sîn behear in wirk oudien rekke, dat de bewondering fen eltse faderlander fortsjinnet, en de hear Jansen bliid dat er ïn haven kaem is, wer ta hy sa folle diend het om dy to kryen. En haven, wer fen de man hopet dat sîn stèd folle foardielen krye scil.

Hwa us op dy trîbune it earste en it measte boun, wier Prins Hendrik. Wol ken men sjen het dy man, de halding, en dy heblikheden, dy men by in förstlikmanmenske mient fîne to matten, mar ta'n gelîk leit er oer mans wèsen sa hwet eabels, sa hwet dat tucht fen goedens fen hert, fen menskenlieafde, fen sielengreatheid, fen opriuchtens, dat men dy man daelk sîn bïtrouen skinke scoe, en him graech as friûn scoe harbargje. Wilst de Prins dèr sa stie, sa beare mei bilangstelling to sjen nei hwet er op sé to sjen wier, tochte ik oan sa folle tröch sîn hàn opboud, stîpe en stiive. Ik tochte onder oaren oan Portsaid by 't Sues-kanaal, sîn stîpjfen de séfeart, ho hy oer wiide wetters Nearlans namme ïn eare halde wol, en binnenlâns, ïn 't iepenbier en in 't geheim, alles wol stîpje en elts wol helpe hwet stîpjfen en hwa helpen fortsjinnet. Wrichtich Harns! it wier in eare sa'n gast ïn jimme midden to habben. Ja, ja,

onder alle keuninglike heachheit, sjenne wy in  
Prins Hendrik en eabel menske, dy tröch sijn  
handel en wandel folle tankbre herten makket.  
God jaene de man yet in lang en soun libben.  
Dat wenskje wij hertlik en opriucht.

Nionken de prins wyden wy us oandacht aan  
de Minister van binnenlanske saeken. Wier hy  
hwet litser fen persoan, den koe er — mits de  
steek op e holle — wol spilje foar Willem I,  
ten daege dat dy nei de franske tiiden ut inge-  
lân wei, to Scheveningen aan kaem. It portret  
fen de minister komt de mensken to jamk onder  
eagen, om to biskrieuen ho hy er utsiucht.  
Mar — is 's mans portret in „Eigen haard“ wol  
hwet hiel moai, dit blieut wier — hy is in  
knappe man nei de wrâld, folle knapper as  
mennich ien mient. Siuch, ik ben gjin Lavater,  
dy seach ut eltse oanlits hwet in menske wier,  
mar doebs tochte my wier 't utsicht en it  
wesen fen disse minister wol in oerstimmige mei  
mans dieden. Hwet by Thorbecke hoekrich wier,  
en bepaelde lînen oantoande, hwet by 't iepen-  
hertige utsicht fen Kapeine beslist liket, is by  
disse minister fen B. S. ourôune. Alles sprekt  
fen eptige bidaerdens, nea lik, sels net gisten,  
jist by de miete, foaral net to folle, en doch  
nôch, de utesten mye, en den mids tröch.  
Dêr sprekt birekkening en forstan ut dat wesen.

Er biheart net in bilte wrald kennisse ta om to sjen dat men in Heemskerk lang gjin man fen kom alden dei, foarhet. Dat is mei de minister fen Finantiën hwet oars. Jhr. van der Heim is in knap beheind man wol. Foral net forwile of utraffele, om 't efven net. 't Is gjin ïter, mar in tinker, lïkwols, wier hy gjin minister, hy koe ek greathandler, cassier ef fabrikkant wèse. Wy wolle mar sisze, op sîn wèsen lei dy maje-stieit net dy wy by de hear Heemskerk op-merkten. Fen de Dutske hearen boun my meast de minister fen Oldenburg. Dy seach tochte my finnich út sîn eagen, en as ik him seach, en dy oare Dutskers den tocht' ik wol ris, scoe 't hiar ek gean as Leib? Do Leib de natur biskoude kaem it oltid op habben en kryen del:

De zon aan 's Hemels firmament!  
 Brandt Hollo gas wel zoo patent?  
 Ze lijkt als men haar goed beziet —  
 Van klinkklaar goud en anders niet.  
 Nha was ze mijn, Was alles mijn!  
 Wat zou Leib gau een Rotschild zijn.

Ik tochte scoeden dy gasten út de frèmte by  
 't sjen fen de séhaven to Harns ek tinke lïk  
 as Leib?

Nha was je mijn!  
 Die haven mijn!  
 Wat zou ons rijk wat machtig zijn!

Hwent wrammels, as Belgie iens in Frankrîk op giet, scille wy foar dat wy it tinke, wol Dutsk wirde matte. Den scil er op us grînsen hwet to dwaen komme, en den scil de séhaven to Harns fen bilang wirde. Sa mîmere ik fol noed en sorch for us lîtse lândsje, dat ik mei it stamhus fen oranje aan it head, ho de form fen regear tröch omstandichheit oars foroarje möchte, jimmer mei frydom, in tier en fleur wenskje.

Sa nou stienen wy mei folle oaren nei de tribune to sjen, en tochten om gjin hirdsilen. Wy beklaegen dy lioue op de tribune den ek al wer, hia koeden gjin han in de jiske stekke, mar hwa dôcht dat ek? mar se koeden nen han ut stekke of hia waerden bioardield. Wy wieren it folts, it gemien, en hia as de kinstners op 't theater. Ja it hie wol hwet guchel-spilspileftichs, yette al mear om dat dèr nèst, de musik nou en den de lèste warskouinge like to spiljen. En — is 't net wier? Meitsje simmige formaerde lioue op it staetkindig skoutoneel gjin kinstige sprongen, om lik as de katten altiid wer op poaten del te kommen?

Mar de musik hie eindeliks for wier, de lèste warskouinge jown. It hirdsilen wier dien, it gerdin koe falle, en dèr mei wier it: »De koetsen foar!«

In de foarste wein naemen pleats Prins Hendrik en de Ministers. Opmerkelik wier it dat de Minister fen binnenlanske saeken, efter sitten gong mei it gesicht in de wîn op. Dat wier in bîwiis tochte immen dy nionken us stoe, dat hy de holle er foar hâlde doarste. Mar pas hie de man dit sei'n of it foroare. De Hear Heemskerk gong wer fen it plak ou, en gong foar sitten mei de reach in de wîn. »Dit deugt n't," sei de man nionken my, dat in Bilsertser like to wesen." Ik sai anstons hy dorst et hooft er voorhoue, moar nou gooit er it ..... om, en drait er 't achterst' voorst." Ei sei in oar wer: »Man dat begrip je net goed, rit er net foar ut, dan rit er efter ut, hy rit in elts gefal, en dèr mat safolle op sîn bréde reach oustuitsje, dat dit is helte better." — Sa scoe 't wol wese tochte de rie om us hinne en lake ris. De wein ried, do er fliouer in sieten, hinne, en it folts ròp suntsjes: »Hoerah!" Ik hie om de eabele Prins Hendrik wol in kreftich Hoera wenske. Nou folgen er mear weinen, en in dy op ien nei lèst ried, foun us liberale friûn, de flinke man fen 't wird en de penne, de frye Fries, wy miene de wiid forneamde skoalemaster, de hear Jansen, in plak. It moeide my dat wy de eare net krîgen fen in groete mei han ef holle, fen in man dy wy as fries

en as letterkindige , sa heach skatte. Hy scil us — wolle wy hoopje — net opmirken ha. De adjudant des keunings knikte yet al bileefd , mar dy koe us net, en wy him net . wy bliouen ollike kåld fen him as hy fen us. Mar sa wier it mei de hear Jansen net.

Nou folge er yet in wein , mar ho mäl , do wieren er gjin hearen mear dy mei masten.

Fen dy moaye gelegenheit om to rïden makke de kommisaris fen pelisje mar brükme , en mei him hwet lieafhabbery tsjinstfeinten en sa, en — o! kremis. Wier er by 't foartrïden fen de oare weinen binnenmoelsk hoerare ! Nou davere it, sa dat men dit Hoerah hiel Harns oer heare kennen hie. Wij laken er om , en dochten : Friesen blioue friesen , hia miene it goed, mar blafve 'r net lüd fen , dèr by habbe se niget oan it grappige , ho mälde ho moaijer.

Nei disse kluchtige ouren wier it stik hiere foar goed ut , dy tabernakels koe men wer ou brèkke. De heage wrald ried nou nei skoale to iten , en in oare wrald , dèr hwet onder, nei de Harmonie, mei it selde wit. Hier woeden se ha scoeden wy ek oan tavel gean , mar söks lei op noch út net in us sin. Graech hieden wy dèrre gien , wer men mei earnst en grap de geest bésich wist to halden , sa 'n plak scil er wol wèst ha , of keam wèse , mar wy hieden

er do yet gjin tasissinge op, en dér wy — as wy sâun ure op it spoar woeden — it net oan tiid hieden om by it priis utdielen to wèsen, waerden wy landrich, to mear omdat wy by dit folksfeest, lîk as amperoan op alle folksfeesten hier to lanne opmerke koeden, dat er goeds benne dy by 't brukme fen geestrike, lieaver geest-deadsjende dranken, net om de miete tinke. Sels mienden wy immen ut in heagere rang in sa'n ongeségende tastàn oer striete gean to sjen. Sikersonk, as hia dy 't folk op de wei der sédelikheit en deuchd foar gean matte sadögge; den ken men sisse dat it salt der ierde smae-keleas wirdt.

En wol jimme nou ek ris wite hwet de Hearen in 'e skoale op tafel krîgen? Gjin ierappels mei bretflesk, en rîs mei resinen, of pöpketry mei boeter en sûker, boerinne! lîk as jou klaer meitse as je gasten nôegje, né fry hwet mälder spiise min goede vrouw, slaen dy greate lioue er in. To Harns bîgelyks begoan it mei sop, en wol twaderlei sop, der op fine grientespillen, en do tsjies, ho mal net? en den yet tsjies dat fèst gjin bëste wier, hwent hia hiete Richelieu tsjies, nou Richelieu — hy is lang dea — mar it möcht sa wol wèse. Do krîgen se salm fen Genève, sa habbe se to Genève licht wer salm fen Schoon-hoven, it mat mar fier wei komme, en do krîgen

se Hambirger wórst en litse earte. Den skiepe ribkes bret mei pompier er om, to minste lik as de ingelske lord Derby dy het, dèr drôegen se de naamme nei, en do poddestoelen — hwet is 't mál oars net? en den wer kealfesk, en keiserlike pons, en salaad en asperjes, en rèmme fen keuninginne Helena — begrip ris! en iis — nou it ien al malder as 't oare boerinne, wy halde us oan 't àld spil. Mar wit je wèrom as de lioue hiar sa útsloofje om sòkke fremde spiisen op tavel to kryen? In menske dy heal of hiel dronken is, het in forachtlík oansjen oars net? mar in dage-likswéi menske mei in stik ïn, is ïn us each noch sa forachtlík net as in swietpriouer, dy mar berekkening makket oer hwet »lekker« is, en dy nen selliger fieling het, as ho op de swietste wiise it liif op de least to kryen. Sa immen is ïn us each in great menske bern, dy yet onder de litse berntsjes rekkene wirde mat, as het er hwa wít ho'n heage rang in 't libben. Mar nou ieten se to Harns ek mar spiise dy nimmen graech mochte tink ik, den kaem men net in de forsiikinge om to folle to ïten, dèr wirdt altiid nôch by dronken, om de swietpriouers habbe in fèste wiise fen wînskinken ut foun, sòkke wîn by kouflèsk, en sòkke by kjelflèsk en swiete wîte wîn by fisk, ensf. Mar as ieten de hondert en goed sextich gasten net folle, it koste

yet al hwet. In fierlich gôune seiense, eltse gast. Mennich hushalding het for dat jild de winterierappels in de kelder. Mar fierlich gôune eltse gast, den roan sàn mieltiid al gau nei de sâunde-healtûsen gôune ut. En as jimme nou freechje: »*Wie zal dat betalen, lieve lekkere Gerritsje?*» den sis ik jo, dat dögge wy mei en or, Friske boer en borger; om it wirdt — dat ha de Staten goedkard -- tröch de Provincie bitelle. De man in botsen — en de lioue hieden in gasterye — en dit wier 't Frisland wirdich tochten de staeten Lit er ûs mar »Amen” op sissem en tinke wy mei LAURILLARD:

Heel voornaam weet van geen prijzen,  
Half voornaam zegt wat het kost.

**Wy wolle mar hiel fornaem wèse.**

De locht wier intwisken wer oukleare, de sinne kipe wer tröch de wolken, de plûmen, blommen en linten op de froului's hoedsjes kriegen nye fleur. De musik bigoan wer by 't priis útdielen to spiljen, mar wy seien Harns far-wol, mei it wît om er den wer nei it hirdsilen to gean as er keuningen, prinsen of ministers komme. Blioue dy wei den blioue wy ek wei, of men mast er us by brûke kenne, den scil 't er — benne wy soun en wol in oanwesen, dêr net oanlissee, mar oars wy blioue wei. My is — by moai sieaft waer, yet nen moayer folks-

feest bikend as in sendingsfeest. Wist men dy mar tsjinstber to meitsen for 't út breidsjen fen 't rík fen liocht, lieafde en wierheit, in pleats dat men er de mensken jamk saeken foarhalt, fortelt of préket, dy op de skealje fen 't soun forstàn nen wicht hälde kenne, lik as tröch W. DIJKSTRA in sîn forslaggen fen de sendingsfeesten te Hearenfean en to Assen sa dudlik makke wirdt.

In sendingsfeest ken in hert for ealjend feest wirde. Dér dielt elts in. Rík en earm tröch en or, elts het de selde wille. Dat siongen op bergen en in dalen, wilst de trompetten en klarinetten klinke, is onbiskrieulik treflik. It *bivak* hälden in 't skaed fen de beamen, it is sa bûtenwenstich, elts is er fry. De drökte by de *kantines*, it missen fen al hwet sterke drank hiet, de order dy er hearsket, of lieaver dy geest fen friûnskip werby d'iene d'oare graech fen tsjinst is. Dy stilte by dy drökte, dat kuijerjen in de skiene tempel der natûr, wrammels wier in sendingsfeest koe in treflik feest wèse as hie 't in oar wît en in oare namme. En dochs scil 't feest, as 't bistean scil, in godstjinstige kleur hälde matte, ef it foroaret in wildsang, licht in in Bachusfeest.

Wy habbe bifoorbield to Assen — nei ouren fen it sendingsfeest, — feinten en fammen stean

sioun to fryen. Dèr hieden wy nou neat op tsjin, tröch fryen komt men ta kryen — soms ek in 't lyen, seit it rîm — mar dat is dat — fryen ïn earberheit is gjin sonde, en tutsjen is swiet wirk — mar stel nou dat de grôunsin fen sa'n folksfeest net earnstich bliout, asjebliaft; as 't nou al mei fryen eindicht, wer scoe 't den hinnegean?

Mar dit bliout wier, hirdsilen, hirddraven, hirdriiden en keatsen, al sök soarte fen utspanningen, hia blieue moai for de lieahabbers. d'Iene komt er den om d'oare, den en slok en moai waer der by lâns, en sa hjit se folksfeesten, mar ïn 't algemien *benne* se 't net.

Dochs bliout er in oangenaem to binnen brengen aan de feestdei to Harns for ûs bi-warre. It iepenstellen fen de nye haven to Harns is in stik dat us ter herte giet, omdat de wolfeart fen it us sa dierbre Friske lân der mei ïn forbân stiet. Amsterdam en Rotterdam, d'ienen hwet se koeden om nye wetterwégen nei sé ta to kryen. Do stiik Harns de hàn út — hereby master Jansen net forgotten — en sei: »Help us ek." En nei folle tsjinstribbeling — Hollân wier nea bottefolle for us — bisleat it rîk om de havenforbettering ta stân to bringen. It plan fen Minister Fock waerd goedkard, en hwet foar seis jier onder it behear fen boppe-

steande minister bigoan is, waerd in 1877 onder Minister Heemskerk as oumakke oan Harns oulévere.

Non het de trèdde havenstèd fen Nederlàn séhavens rum en wiid, en kenne'r honderden fen skippen en feilge lispleats fine. As nou de forbining fen de noarder spoarwei by Ihrhove nye drökte for handel en skipfeart mei bringt, den scil Harns great foardiel fen de nye haven krye, en dit greate wirk hiel frislàn woldiedich wèse.

Siuch dat is ien reden werom wy in tankber oantinken oan de 1ste Juni en it feest to Harns, bihalde.

It twade is, dat wy de feestkommissie de eare jaen matte dat er sa goed sorge wier, dat men jin de hiele dei formeitse koe. Om 11 ure musik tröch de stèd, fen 1—3 musik aan de haven. Om healwei tryen gymnastieke kinsten op de Breede pleats. Fen 6—7 musik op de Skritsen. Om 9 ure musik, fiurwirk en gondelfeart. Om 10 ure réunie, illumenasje. Ja, ja, dat spil wier knap foar en or. Dat it programme tröch mis wier net folge wirde koe, koe de kommisje net helpe.

Hwet de forsieringe fen de haven oangiet, us tochte dy honderden fen jifvers in 't grien, mei dy wimpels er op, d'ienen gjin fortutien nei dat se kosten. Wy hieden tocht dat er oan

't ein fen de haven by de ingong nei sé, in griene eareboage west wier, mei wapens, flaggen en wimpels opsiere, en den sa heach dat de skippen er onder tröch sile koeden. Licht wier 't net to dwaen sa'n stik op to riuchtsjen. Licht wier it to kostber, mar oars o ! hwet hie sa'n boage oer de wiete, in 't each fallen en moai west.

Mar it wier nou ek moai, wy tinke 'r mei nocht oan. In tredde reden ta in bliid to brengen fin ik in 't wersjen fen jimme o eabele friûnen fen Frîslân Dat hie 'k net tocht dat de hirdsîlerye meibrenge scoe dat wy — dy malkoaren sa goed fetten — en or dèr wer fine scoeden. To swieter is 't tinken oan 't feest fen 1 Juni to Harns. Ja wy benne tankber o Harns. Fen jimme side is alles dien, om ûs in oangename dei to bisorgjen. Krît wollicht mîn Friske Laura — mei folle Laura's — dat de tsjelpige rein, fêgele tröch in hirde wîn, hiar skoander pronk bidoarn het, ta treast sisse wy hiar, de nye Willems-haven to Harns scil de handel foardielich wese. De útfier fen ky en buter scil er tröch bifordere wirde, dat bringt heage priisen mei, en sa scil er o trinten faem! wol in nye kîp en in nye sleepjûpe wer komme.

Om us forslach for de neiteam tsjinsber to hâlden, fôechje wy hier by de list fen de priis 'en premiewinners fen de hirdsîlerye.

Klasje A. Sliocht boaijimmige skippen fen plesier: Priis; *in moai ding*, fen glès en silfer, dat men, as men bisîte het, op tavel set, om er apels en parren op te lissen. It wier in de stil fen Lou XIV. Prins Hindrik hie 't ta in priis oanbean en it sels keapjen by den haer Cammenga te Liowert. It waerd woan trôch it skip fen de heer Teves fen Harns. Dat skip h jitte: Giroflé. As de borgermaster fen Hertogenbosk it wit, scil 't him wol moeije, hwent dy mei Giroflé en Girofla net lye. Mar wy benne er bliid om, wy ginne de hear Teves dy moaije priis.

De preemje — *In fiersjender* — krige A. W. van Maenen te Antwerpen, mei in skip dat h jitte: Admerael de Ruter.

Klasje B. Dat wieren beurt- en frachtskippen. Dèr foar hie de hear S. Hingst, earelid fen de Silforieninge ût eigen buse  $f\ 100$ ,— oustitsen, en dy woan de hear J. Koopman te Terschelling, mei in skip dat h jitte Trântsje. De eerste preemje  $f\ 40$ , woan 't skip de jonge Pieter, fen de hear Karel te Broekers haven. De twade preemje, *in Manilla Skoot*, trôch Bearn Fisker en Soan oanbean, krige de hear J. Vlietstra to Frentsjer, mei sîn skip de „Sâun broerren”, en de tredde preemje dat wier in „*Heitelânske flach*”, woan de hear J. Hanje to Akkrom, mei sîn skip dat h jit de „Broedertrouw”. In moaije namme.

Klasse C. Dat wieren beurt- en frachtskippen, litser as 40 tonne. De greateste priis krige A. Hoff to Lemmer, mei in skip dat h jitte „t wiif Geertsje”, en de foarste preemje  $f\ 30$ , woan „Grietje”, sa h jitte it skip fen F. de Vries to Drachten. Geertsje en Grietsje 't wier aerlich, mar it wirdt aerdiger yette. De twade preemje: *In flach*, woan F. Dekker te Easter Terschelling, mei in skip dat h jit: de Twa broerren. Nou twa broerren en Geertsje en Grietsje, elts hie er nîget oan dy it hearde.

Klasse D. Jachten en Boeijers. Dèr for wier de priis wer *sax'n gleasen ding* om apels op to lissen, en dy woan de hear W. N. Avis te Amsterdam mei de „Ondina”, en de preemje: *in Standaerd* mei forguldene letters dèr op, woan de hear Mas-

ter B. Hopperus Buma, to Liowert, mei sîn moai fartûch dat Prins Hindrik hjit.

Klasse E. Fisker skippen. Dèr for stieken de houtkeaplui en de séhandlers f 50, ou. Mar — dèr for — wier 't net deales — wieren nen lieafhebbers hirdsîlers.

Klasse F. Boaten sen 4 en in heale meter of graeter. Dèr for wier in *albasten taveltsje* en in *barometer* priis en preemje. De priis krige de hear K. Jepma to Marssum en de preemje de hear C. Kuiper to Terschelling. De earste mei in boat dy hjit de „Jonge Trântsje”, en de oarde mei in boat dy hjit de „Jonge Japik.” Och woanen alle jonge Japiks en Trântsjes mar priis en preemjes in dit libben, mar it rent er sims om.

Klasse G. Boatens, litser as 4 en in heale meter. De priis dèr for wier in *Thermometer*, en dy woan de hear Schreur to Workum, met de „twa broeren.” En mei „de jonge Douwe” woan de hear A. v. d. Werf to Midlum de premie: *in Sigarekiste*. In Sigare kiste hie men ta lèste priis nuttich achte. Foar-earst sei it: As reek en damp is alle gloarie en glâns! en ta'n oarden: In kiste wachtet us as woaneu wy ek wit ho folle.

Ho learsem en ho treflik wier dos sa'n preemje. Ja, Ja! dèr siet wiisbigearte in dy Hirdsîlerye to Harns.

Hier mei eindichje ik mîn boekstaveringe, mar fen de oanspraeken fen de Prin en Heemskerk en d' oaren, wol ik dochs hwet mei diele. Sa fôun ik it sissen fen Prins Hendrik treflik. »Dat it in Prins net föeget by it leed der wrâld, mei de earmen oer en or to stean.” En dit: »En hearen! as ik dan hwet ondernim, steun of to stân sîkje to bringen hwet ta heil en löktjinje ken, dan dwaen ik dat ut lieafde for 't folts en for it lân, wer mei it stamhus fen Oranje tröch in stoarje fen ieuwen forbôun

is." De eabele dieden fen disse in wierheit »Brave Hendrik", meitse dat sökke sissingen us by it herte kryge, hia meitse us dudlik dat er, do de kommissaris des Keunings in Frislân foarstelde om op 't wolwesen fen de Prins to drinsjen, sa stoarmeftich tajuchge waerd, dat de Heer Kommissaris sîn wird in ienen net ta'n ein bringe koe. Lit us mei jubelje lânslui; lit us jamk ris n eare en deuchd drinsje op it wol gean fen de Prins. Sa scille wy ek mei dwaen as er, lîk as de minister fen Oldenburg die, dronken wirdt op Frislân. De oanspraak fen de Minister Heemskerk werby er de Borgemaster to Harns, bikend makke dat de Keuning him it ridderkrûs foreare, wier bisondere oangenaem for dy de eare oan gong, minder oangenaem koe Heemskerk wollicht de dronk west hafen de hear van Loon op de foarige Minister Fock, as de man dy 't meitsen fen de nye haven to Harns steund en stîpe hie, de man hwaens namme mei dy fen de haven forbôun blieue scil. By dy gelégendheid hie de hear Jansen wol neamd wirde möcht, hwa hâlde destiids, om dy haven ta stân to brengen, it firke mear oan 't barnen as de hear Jansen. Mar dy feestdronk fen de hear van Loon wier moai; Fock kaem dy eare ta. En de heer Heemskerk scil 't ek wol oangenaem wèse, it goede fen sîn foargonger priisgjen to hearen.

By de oanspraak fen Minister Heemskerk op de tribune, by 't oerdraegen fen de nye haven to Harns, mast Prins Hindrik freechje ho de nye haven hjiitte mast; dit wier dy goede man amperoan forjitten. . . . . „*Nieuwe nieuwe Willemshaven, niet waar?* sei er. Do knikte Heemskerk, it wier goed sa!

De oanspraak fen Baron van Heemstra fen Harns, dy as borgemaster forklearre dat de stèd, de laven mei alle lèsten en lusten oernaem, stie kras op poaten. De borgemaster hie frees noch twang, hy die hwet er die sa, dat fallen it him net sa neidwaen scoeden. It hoerah, lang libje Willem trye! dat op forsik fen Prins Hindrik ophelle waerd, foun byfal, mar it hoera aan de Prins net minder. Net allennich de mensken om heach om de prins hinne juchden, mar ek it folts om leach die 't hertlik mei.

Dat de borgermaster to Harns in ridderorder wyd warden is, achtsje wy in eare for him, mar ta'n gelik ek in wolfortsinne priis. Wy drôegen persoanlik kennis mei ho folle foaroardiel disse sprut fen in adelike stamme — wer mei wy al sa lang in friûnskip besibbe wieren — ontfinzen is. Wy habbe us stimme tsjin dat foaroardiel heare littin, to mear om dat wy al lang wisten dater onder de lûdröppende liberalen— sims greatske pohei makkers foun wirde, wilst

wy sa jamk onder de lioue fen adel, onder de aristocratie — edellioue founen, dy sonder it to sissen, tröch hiar dieden toanden dat it lök en de foarutgang fen 't algemien hiar libbens wít wie. Dy 't net *seien*, mar tröch hiar eabele greatmoedige handling toanden dat se liberalen wieren. Die elts sa mar!

Sa ek woan Baron van Heemstra al rengen de achting fen Harns. Hy steurde him net oan 't foaroardiel, mar hälde mei bidaerddens it goede wit wèr mei hy bisiele wier foar eagen. En dy by sín komste leach op him del seagen binne allang sín friûnen. Dat binne de fruchten fen forstàn, tröchsicht en deuchd. Lok dos mei de ridderorder eabele Baron van Heemstra. In eareteiken, dat je út de han fen Willem III ontfindsen hieden, hie Sire net wei blioue matten. Hab er lang eare fen, en lit it jo oanpriigelje om jimmer riucht troch sé — it lok fen folts en stèd to beförderjen.

De bikroaningen fen d' oare hearen — Kingma en Brevet — gean us minder ter herte, wy kenne se net mear achtsje dat it fortsjinstlike borgers wèse scille, dy de heage eare wirdich binne.

Dat de swarte wolke fen droevenisse dy nei dit feest to Harns oer Nearlân om heach giet, dat de dead fen Nearlans kenninginne elts wé-

moedich stemt — is wier , mar tinkende oan  
1ste fen Simmermoane 1877 sisse wy:

o Harns! wèr dat it lot us fiere mei,  
Wy tinke graech wer oan de bliide dei,  
Dy, hwet er in de tiiden mei foroarje —  
Lang blinke scil in Friske heitlans stoarie.  
Tierje eabele stèd tröch handel mear en mear .  
Din wolfaert is for hiel us län in ear ,  
Din havens meye in pronk fen 't rik dochs h jitte  
Dat tûsenen fen skipper dy forlitte ,  
Dat tûsenen der wer binnen komme, siuch !  
Den fliucht den namme hiel de wrâld yet tröch.  
Spraet glans en fleur oer hiel it friske län !  
Bliou Willemshaven lang mei Harns ïn stân.

BIRGUM , Juni 1877.

